

Novimber 2024

Hjirby noegje wy jim út foar ús folgjende gearkomste op woansdei 20 novimber om 19.45 oere yn 't Lokaal mei Albert Draaijer, de Koudumer sea-earnkenner en-folger.



M.o.w. Albert wit alles fan de *Haliaeetus albicilla*, yn goed Nederlânsk de zeearend, want dêr giet it oer, en folget dizze fûgels op 'e foet, en op film.

Ynfo fan Koudum.nl, april 2024:

De Koudumer zeearendenvolger Albert Draaijer maakte op 13 april een filmpje waarop de drie jongen met hun kopje boven de nestrand uit komen. Hij is 'út de skroeven' en noemt het "prachtig en ongelooflijk, wat een succes." Verder zegt hij er ook nog van: "Dit is uniek in Nederland. Het zegt veel over het ruime voedselaanbod op deze plek nabij de beide meren."

Albert folget dizze fûgels al jierren en hat sa prachtich byldmateriaal fan dizze 'fleanende doaren', sa as se ek wol neamd wurde. Fan bylden fan de ûntwikkeling fan lytse wite piken oant de tige grutte fûgels kinne wy allegearre yn 't Lokaal genietsje op 20 novimber. De kofje en tee wurdt fersoarge troch de fytsclub.

Mar foar it safier is kinne jim op 5 novimber yn Mantgum earst efkes mei de fuotsjes fan de flier op de Folksdûnsmiddei yn it MFC de Wjukken. It begjint om 14 oere, elts kin meidwaan.

En wa't eltse wike efkes yn aksje wol kin ris sjen by Koersbal, op moandei- en tongersdeitemoarn yn it Lokaal. De oprop hat ek al op de site stean, mar miskien ha jim it mist.

Ferslach spesjale ledengearkomste op 22 oktober 2024

Oanwêzich 28 leden

1. Els iepent de gearkomste
2. Meidielings:
Berjocht fan ferhinderung is binnen kaam fan Afke, Afra, Riekje, Richy en Ymkje
Minke fertelt efkes oer de workshop Lovely Angel, de ynskriuwlist giet rûn.
Jantsje V. freget as der mear minsken binne dy't belangstelling ha foar de foarstelling fan Nynke de Jong en Esther Groenenberg en ek dêrfoar giet in ynskriuwlist rûn.
3. Els beljochtet noch efkes de achterlizzende gedachten fan it foarstel tot opheffing fan de ôfdieling. Dúdlik is dat net ien fan de leden hjir bliid mei is, ek wy net as denktank, mar as der gjin kaderleden binne en it oantal leden lytser en âlder wurdt, wurdt it dreech. Spitich dat it de ôfrûne jierren net slagge is om jongere leden entûsjast te meitsjen foar de Vrouwen van Nu. Der wurdt stemd en de útlach is: 21 foar, 4 tsjin, 3 blanko. Hjirmei is dus it trochsetten fan de opheffing fan de ôfdieling in feit.
4. By it omfreegjen binne der gjin fragen
5. Els slút de gearkomste en jout de sprekker it wurd.

Wurkshop krystingel fan makramee meitsje!



Moandei 9 desimer yn it lokaal jûns 19.30 oere.

Kosten € 10,- (kontant betelje).

Der is noch romte

Opjefte by Minke 06 50575730 of

kwieling@upcmail.nl

Ekskurzje nei de skuonwinkel fan Kamsma yn Ljouwert!

Kamsma is in gearwurking oangien mei Spel ortopedy. Sy wolle hjir graach wat bekendheid oanjaan. Sadwaande in ekskurzje nei de winkel fan Kamsma yn de Oasterstrjitte.

Programma:

Untfangst tusken 9.15 en 9.30 oere mei kofje

Dan in praatsje/útlis oer krupsjes oan fuotten en knibbels esfh.

Om 10.30 oere wer tiid foar in bakje mei wat der by

Om 11.15 in rûnlieding troch it bedriuw/winkel

Ofslútend noch tiid om sels efkes te sneupen en fragen te stellen

Datum: tongersdei 28 novimber

Opjefte fia: giestmei@gmail.com of op de VVN jûn fan 20 novimber

Wol efkes oanjaan ast ek ride wolst. Kosten: bezine- en parkearjild

Túnklub giet troch!

In het jaar 2025 zullen we weer 5 prachtige tuinen en/of kwekerijen bezoeken. Lid kun je worden van de tuinclub door een mail te sturen naar onze penningmeester Gré van Wijk tel. 058-2519517 ga.vanwijk@home.nl
De jaarlijkse bijdrage is 2,50 euro exclusief de kosten voor de te bezichtigen tuinen en reiskosten.

Spitich!!

Foar de foarstelling fan Nynke de Jong en Esther Groenenberg op 4 desimber op 't Fean binne gjin kaarten mear.

Save the date:

5-11 folksdûnsje yn Mantgum

11-11 Sint Maarten

9-12 workshop Lovely Angel û.l.f. Minke

20-12 waarme wintermiddei mei ferhalenferteller John Ebink, 15.00 oere

Informaasje oer lanlike en provinsjale aktiviteiten, ek wat it opjaan en beteljen oangiet, kinne jim fine op 'e provinsjale webside:

<http://www.vrouwenvannu.nl/fryslân>, by [agenda aktiviteiten](#).

Slagget dit net, freegje dan jim kontaktlid om de digitale ynformaasje.
